



IT SKRIUWERSBÛN

Bêst lid,

It Skriuwerswykein yn novimber ferroan tige plezierich en wie learsum. It ferslach en de PDF fan de presintaasje fan Erik Betten binne taheakke.

Wy wolle de tradysje dan ek graach fuortsette. Yn de kontakten dy't wy mei leden hienen yn de oanrin nei it wykein, die bliken dat ferskate leden graach komme woenen, mar dat de kulturele drokte yn de hjerst dat eins net mooglik makke. Safolle te rêden, ynliedings en optredens om te dwaan en om by te wenjen, presintaasjes, priisútrikkings, folle net genôch. Dêrom de folgjende fraach:

Soe it sin hawwe en ferpleats it wykein fan de hjerst nei in stil part fan de winter?

Om dy fraach beäntwurdzje te kinnen binne wy fan jim ôfhinklik. By 'Nieuw Allardsoog' hawwe wy in opsje naam op twa wykeinen:

9 en 10 novimber 2024 (dat is in wike nei de Boekewike)

of

8 en 9 febrewaris 2025 (dat is royaal foar de krokusfakânsje)

Yn Bakkefean wolle hja graach twadde wyks jannewaris 2024 witte wat wy dogge.

Kinne jim ús in mail stjoere mei ien fan de folgjende sinnen:

De kâns dat ik kom is it grutst as jimme it plenne yn novimber 2024

OF

De kâns dat ik kom is it grutst as jimme it plenne yn febrewaris 2025

Fierder steane wy fansels iepen foar allerhanne suggestjes.

Wy sjogge út nei jim reaksje op ynfo@skriuwersbun.fr

Hertlike Groetnis,

Ammerins Moss-de Boer, Jan Hendrik Woudstra en Willem Verf